

# De opstanning

Nei Markus 16:1-7 en Lukas 24:1-6

tekst en muzyk: Geartsje Douma

Dm Gm Dm Gm C A/C# Dm Dm/C

Twa frou-lju rin-ne op 'e wei. Se haw-we salv' en oal-je mei. Se

Gm/Bb A Dm Gm Dm/F Gm Am Dm

binn' op paad ier yn 'e moarn, nei 't grêf, want har-ren Hear is stoarn.

2 De froulju fine it sa slim;  
se kinne eins net sûnder Him.  
Se woll' syn lea fersoarging jaan.  
Oars kinn' se neat mear foar Him dwaan.

3 Dan skrikke se: de grouwe stien  
leit oan 'e kant. Wa hat dat dien?  
Se kinne sa it grêf yngean.  
Dêr sit in man yn wite klean.

Dm Gm Dm Gm C A/C# Dm Dm/C

4. Hy fre-get: 'syk-je jim de Hear?' Ik sis jim: 'Hy is hjir net mear. Syn

Gm/Bb A Dm Gm Dm/F Em A7 Dm

li - chem fi - ne jim hjir nea: De Hear is op-stien út de dea!'

## Suggestjes:

- Dit ferske kin ûnder it sjongen útspile wurde:
- In groep sjongt en 3 bern binne resp. de twa froulju en de ingel.
- Kûplet 1: De froulju rinne op 'e wei.
- Kûplet 2 en 3: De froulju skrikke as se sjogge dat de stien oan 'e kant leit. Se sjogge in man yn wite klean sitten.
- Kûplet 4: De froulju geane nei de man ta en harkje nei wat er sjongt. As de ingel sels sjongt, kinne de earste twa wurden fan kûplet 4 ferfongen wurde troch: 'sis froulju'.

## Ienfâldige attributen:

- Foar de froulju: omslachdoeken en tassen of kuorkes mei fleskes.
- Foar de ingel: in wite doek of lekken.
- Foar it grêf: in tekening op 'e muorre of in bouwurk fan grutte blokken of doazen.
- Foar de stien: in grutte bal of in tekening.